

## Folksliet fan Poppenwier

Oan de iene kant de sleat  
oan d'oare kant de wei  
dêr tusken Poppenwier, ja dat doarp leit ús sa nei  
mei greiden op klaei, mei de bêste Fryske kij  
Poppenwier, ja ik hâld sa fan dy.

Poppenwier do bist fan my  
'k hâld sa'n bulte dochs fan dij  
mei dyn lytse houten toer  
sjochst'ou fier de fjilden oer  
mei dyn greiden op dyn klaei  
bliuwst'ou my altyd sa nei  
Hwer't ik kom yn't Fryske gea  
'k forjit dy nea.

Op 't plattelân en dochs sa tichte by de stêd  
dyn keatsers en kourballers op it griene mêd  
gymnasten, toaniellju  
dyn wrotters elke dei  
Poppenwier, ja do bliuwst my sa nei.

Poppenwier do bist fan my  
'k hâld sa'n bulte dochs fan dij  
mei dyn lytse houten toer  
sjochst'ou fier de fjilden oer  
mei dyn greiden op dyn klaei  
bliuwst'ou my altyd sa nei  
Hwer't ik kom yn't Fryske gea  
'k forjit dy nea.

Moat ik dy forlitte, forjitte dog'k dy net  
foar dy bliuwt in plakje yn't binnenst fan myn hert  
dyn ienheit hwer fynt men dat earne oars ek sa  
dêrom kom'k nei dy grif wer ta.

Poppenwier do bist fan my  
'k hâld sa'n bulte dochs fan dij  
mei dyn lytse houten toer  
sjochst'ou fier de fjilden oer  
mei dyn greiden op dyn klaei  
bliuwst'ou my altyd sa nei  
Hwer't ik kom yn't Fryske gea  
'k forjit dy nea.

